


10-9-186

'T SKIEPPE- STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

REDAKSJE: Sytske Dykstra-Bouwhuis, tel. 2968
Richtsje Speerstra-Bakker, ,, 2635
Rients van Buren, ,, 9280
Marten Kikstra, ,, 9269
Jan Dykstra, ,, 9498

TYPE- EN STENCILWURK: Thea Dam-Ruiter.

OMSLACH: Albert van Lingen jr., Wergea.


REDAKSJE-ADRES: Sylroede 5.

BANKRELAASJE: Rabobank Bolsward; 856.829 t.n.v.
Rabobank Bolsward, reknr. 3087.56.800
t.g.v. It Skieppesturtsje Tjerkwerd.


////////////////////////////////////

FOARWURD:

No kinne we earst wol efkes oer it waar te set, mar dat
jout fansels neat en it bliuwt kâld en goar.
Dochs hat it ljipke syn earste aaien útpoept en gâns
doarpsgenoaten hawwe harren bêst
dien om it earste te finen.
Dat slagge Jaap van Lingen hast wer,
mar Tsjalke van der Meer
wie dizze kear him krekt
in pear oeren foar.
Tsjalke hie it ljipke by
Bouwe en Thys yn't lân oer
de wjuk gean sjoen en stode
der op ta. Rekke!!
By't lotterjen ûntstie wat
kommoasje, om't ûnderskreaune
it aai fan ferline jier ferwiksele hie mei it aai fan



Tsjalke. Bouwe H. waard al neamd; dy soe wol in grap úthelle hawwe. It aai sprong omheech yn't wetter. Doe't it echte aai foar't ljocht kaam koe opperlotteraar Rients van B. de saak goedkarre. De wikselbeker giet in jier nei Rytseterp. Dat Reagan Khadaffi efkes knap te grazen hawn hat, leit wat bûten ús eachweid. Dat de Rabobank mei de sitting yn ús doarp ophâldt, dat rekket ús efkes mear. Foaral de âlderein dy't net alle dagen nei Boalsert fleane kin, is fansels tige dupearre. De tsjinstferliening op it plattelân wurdt hieltiid mear útholle. Dat it net mear lije kin wol my net oan; sjoch ris nei de paleizen fan banken yn it haadplak. Lykwols der is in ljochtpuntsje: foar al jo banksaken kinne jo alle dagen yn ús eigen doarp terjochte: de Postbank by frou Gietema Ofrûne sneon 19 april wie it Waltahûs 12½ jier iepen. Just, wer bliuwt de tiid! It besjoer sil der wol ien op nommen hawwe en dat mocht ek wol, want it gebou hat ús ferieningslibben mei yn stân hâlden. De aktiviteiten ferpleatse harren wer nei bûten.



It keatsen en fuotbaljen kinne wer los. Wy hoopje dat in protte doarpsgenoaten, lyts en grut, jong en âld, wer mei in protte nocht in fleurige simmer 1986 temjitte gean yn Tsjerkwert, in doarpke, dat ús nei is.

BERICHTEN VAN DE DORPSOMROEPER



Twee dagen na de 14de Elfstedentocht per schaats, nam na een dienstverband van 33 jaar Marten v.d. Wal afscheid van de dienst gemeentewerken van de gemeente Wonseradeel, wegens het bereiken van zijn 65ste levensjaar.



Ook uw dorpsomroeper was er bij uitgenodigd en schreef voor u het volgende verslag.....
Op de 28ste febr. j.l. na 33 jaar werkzaam zijn geweest bij de gemeentewerken van de gemeente Wonseradeel, was de dag aangebroken voor dhr, M. v.d. Wal dat hij afscheid nam van zijn werkgever en collega's.

En in de namiddag toog de man met zijn vrouw Annie, kinderen en kleinkinderen naar het prachtige riante gemeentehuis te Witmarsum, waar een vriendelijke burgemeester hen opwachte en hun plaatsen opzochten in het prachtige onderkomen.

De zaal is gevuld met ruim 40 personen, waaronder de burgemeester en de Gemeente secr. Terpstra en de directeur van de gemeentewerken Venema en vele collega's en oud collega's.

Nadat ieder een drankje was aangeboden, hete burgemeester Abma een ieder van harte welkom!

Hij sprak nadien lovende woorden tot v.d. Wal o.a. een man die zijn pad goed schoor gemaakt had, niet zo opvallend, maar wist wat hij deed. En meende en ik weet het haast wel zeker, sprak de burgemeester dat v.d. Wal met plezier bij de gemeente gewerkt heeft en al die jaren met de volledige steun van zijn vrouw, aan wie hij ook nog vroeg hoe ze haar man vroeger had leren kennen. Maar dat vertelde Annie niet!

De burgemeester reikte als herinnering aan v.d. Wal het schaaltje met het wapen van Wonseradeel is afgebeeld uit. Daarna sprak de directeur van de gemeentewerken Venema. Ook deze sprak lovende woorden tot M. v.d. Wal, voor zijn inzet in al die jaren. En eigen initiatief juichte hij ook wel toe.

De dir. merkte dan ook op, dat er weleens kritiek was van de buitenwacht maar die was vaak ook weleens ongegrond.

Hij dacht, dat v.d. Wal een goede tijd gehad heeft bij de gemeentewerken en reikte bloemen uit aan Annie. Oud collega Doekle de Vries van de Teerploeg verteld nog uit vroegere jaren, dat ze menigmaal in de weekenden soms ziek en verbrand door de teerwalm waren en nog enkele sterke verhalen. Tj. Gietema sprak namens de Pers. Ver. en gaf een cadeaubon en bloemen voor Annie. Hij wenste ze nog goede jaren toe.

In zijn dankwoord sprak v.d. Wal nog dat hield van wisseling, de prettige omgang met elkaar en de warme vriendschap.

Maar de Teerploeg was zijn favoriet!

En ik weet zeker, dat ik het zal missen, maar jullie zijn steeds welkom op de Sylroede en de koffie zal altijd klaar staan voor jullie voegde zijn vrouw er aan toe.

Tenslotte brengt dank aan het college van B.enW. en dir. Venema en allen die er waren voor hun komst en het bijwonen ervan. Daarna sluit de burgemeester dit ongedwongen samen-

zijn af. En de drankjes en de hapjes waren van het huis en die gingen dan ook net als elders er altijd wel in!

Voorwaar een waardig afscheid voor M. v.d. Wal.

Op de 5de maart maakte de jeudige leider van één onze regeringspartijen volledig in paniek vanwege het plotselinge overlijden van een minister van zijn fractie. En de jeudige leider die misschien al door zijn wijze van doen al reeds wat in de problemen zat, belde de grote meester uit Friesland, die een week geleden nog uit volle borst het 'Frysk Folksliet' zong, of deze voor enkele maande naar de landelijke politiek in Den Haag wilde komen en dan vervolgens na mei weer terug naar Friesland. Maar.....de mensen van de Tweebaksmarkt no. 52 in L'warden vonden het niet zo nodig om het fluweel op de hoge stoel van de commissaris warm te houden, tot zijn terugkeer. Ze stelden dan ook voor te kiezen voor het ene of het andere. Tenslotte koos de goede man voor Friesland, zoals u weet.





Een korte samenvatting:

Die jeugdige leider doet mij denken aan die tovernaars-leerling, die krachten opriep, die hij tenslotte niet meer de baas kon.

En in uiterste wanhoop riep hij toen zijn meester om hulp!

En denkende, dat het voor de Commissaris van de Koningin ook goed toeven is in Friesland. Politicie en ambtenaren uit Den Haag kunnen eens benaderd worden of uitgenodigd voor een etentje en niet te vergeten voor een vaartochtje met het prachtige friese statenjacht en waarop altijd wel koud staat ter innerlijke versterking en verwarming.

Dat 'silen' onder leiding van de C. v.d. K. met de pet en dan de laatste twee Elfstedentochten per schaats waren Godsgeschenken voor de taak, die hij zich stelde en daarom nogmaals na alles wat ik opnoemde een wijs besluit van een wijs commissaris om te blijven!



En terwijl bij dit alles de Engelse prins Andrew verloofde met de 27 jarige roodharige wat mollige Sarah, de dochter van majoor Ferguson, wel niet de mooiste, maar wel met de juiste achtergrond en tevens ook een hele mooie stamboom heeft!

De meisjes, die met Britse prinses willen trouwen, hoeven niet noodzakelijkerwijs prachtig te zijn, ze hoeven zelfs ook niet van koninklijke afkomst te zijn, maar.....er moet als het even kan wel wat oud en voornaam bloed door hun aderen vloeien!

Maar lady Sarah moet er wel even rekening mee houden, dat de dames van Buckingham Palace wel even nadat de vrijgezellen-kleding aan het Leger des Heils zijn doorgeschoven, bepalen welke kleren ze mag dragen en dan niet te vergeten die mooie grote hoeden enminstens twee passen achter Andrew te lopen en pas na hem in de auto te stappen. Verschil van stand moet er nu eenmaal zijn, zal de koningin dan ook gedacht hebben.



Den Haag vandaag - gisteren en morgen:

En in lands grootste vergaderzaal blijft het niet altijd alleen bij vergaderen.

Onlangs zorgde nog een vrijmoedig vriend duo, nou ja, vrijmoedig vriend nogal wat voor een gniffelende opschudding. Mijnheer legt hand op bloot bil van een mevrouw.

En och het gehele woordenspel in die vergaderingen is vaak een komedie. En zo met het een en ander blijft het gezellig.

En de paasboodschap van ene wijze....., was voor velen ook geen zalvende kanselboodschap en ook de reislust van onze kamerleden en leiders die vaak in buitenland op reis zijn waar ze niks te maken hebben en terwijl er in eigen land nog zoveel te doen is.



Maar als wij ze moeten geloven zijn ze er voor ons

eigen bestwil en zullen dat dan ook maar aannemen maar..... met een schepje zout of zoals u wil een emmer vol desnoods.

Nog wat korte berichten:

Voor eerst steek ik de loftrompet uit voor de bouwmeester van het prachtige bruggetje op de wandelroute op het Dedgum 'syltje'.

Zag de komeet Hally op de t.v. voor het eerst en tevens voor het laatst in mijn leven, om reden dat hij maar eens in de 76 jaar te zien is.

En op de 6de april j.l. vierde Etje Koopmans op de Singel haar 88ste verjaardag. Mijn hartelijke gelukwensen in deze berichten!

De
beste
wensen

Op 26 april a.s. hoopt mevr. Jorritsma beter bekend als Feike-Jeltsje in Elim te Bolsward haar 93ste verjaardag te vieren.

Tenslotte= de tijd in ons gewest is weer komende dat
alles weer groeit en bloeit en steeds weer boeit.

Allen de hartelijke groeten van de
dorpsomroeper.



Geachte cliënten,

Daar het aantal bezoekers sterk is teruggelopen hebben
wij besloten de zitting in Tjerkwerd met ingang van 1 mei
a.s. te laten vervallen.

Hoogachtend,
Rabobank "Bolsward e.o. B.A."


Bij voorbaat onze dank voor Uw medewerking.



Wij wolle eltsenien dy't Wieta sa goed betocht hawwe de
9 wiken yn it sikenhûs fan herte betankje.
It hat Wieta tige goed dien al dy moaie kaarten
(+ 230 stiks) en presintsjes.
It giet no wer bêst, noch in pear wiken en se rint
wer as in ljip.

Meinze en Janny Poelstra.

Nei in lichte sliep bin ik krekt foar de wekker, dy't op 4 oere stiet, wekker; mei wat in huverich gefoel lûk ik de klean oan om te melken.



Bûtendoar sûch ik de frisse frieslucht yn, en sjoch efkes op de termometer dy't -12° oanjowt en driuw dan de earste kij nei de molkstâl; se komme ferheard oerein om't se harren net bewust binne fan wat der

hjoed te barren stiet.

As om 5 oer radio Fryslân in protte muzyk en kommentaar de molkstâl ynskettert, wurdt men benei senuweftich fan alles wat der hjoed ôfspilje sil!

Mijn frou Hiltse, soan Jan en iksels ha in startkaart mei as nûmer 18576.77.78, dat betsjut starte om 9.45 oere yn'e op ien nei lêste groep.

It benaud ús suver as we om 7.30 oere úteinliks yn Warkum op'e trein stappe en dêr de earste hoempapa-muzikanten út Brabân ús wolkom hjitte mei de fraach: 'Moeten jullie nú nog naar Leeuwarden?'

Se stare ús ferheard nei yn'e trein.

Yn Ljouwert op it perron wurde wy opslokt troch in keppel minsken en riders dy't noch oan komme.

Wy binne mar fan plan nei de Fryslân-hal te rinnen, om't wy in see fan tiid ha, mar as wy dêr oankomme, wurdt der mei lûdsprekkers omroppen, dat se in oere op it skema foarlizze; wy kinne dan ek fuort oanslute yn'e groep '18 oant 19 tûzen riders'.

Sa geane we mei flink de stap deryn tusken de dranghikken troch en wylst wy noch in stikje koeke en in mueslireep opite, komme wy op it iis op de Zwettehaven en om 9.30 oere ride wy hiel fersichtich tusken efterbliuwende minsken, pûden, klompen en al sawat hinne troch. Men kriget no ek mear romte om te riden en it tempo wurdt behoarlik opskroefd. De earste kilometers lizze al gau efter ús, mar dan te betinken dat der al 18000 riders foar ús lizze en de earste toerriders al 4 oeren foar-sprong hawwe.



Underweis el al it earste diske, dat mei pakken strie opsetten is; dizze boer prebearret syn tefolle superheffingsmolke kwy't te wurden, mar it is noch te betiid om oan te stekken.

Sa geane wy heal foar de wyn, sydwyn op nei Snits, wêr't we om 10.16 oere it earste stimpel krije en mei-ien ek de earste klúnplakken nimme moatte. Fan Snits nei Drylts hearre we, dat Evert en Rein de kopgroep hawwe.

It falt ús op dat der hiele goede riders binne, dy't ús as swellen links en rjochts foarby geane om mar safolle mooglik tiid yn te heljen.


Omdat wy betreklik bekend binne yn'e Súdwesthoeke, troch Alvearre- en Súdwesthoeke tocht en omdat wy sá wolris in eintsje omriden ha falt it riden ús tige licht en sa ride we dan om 11.22 oere ek al troch it stedsje Sleat. Ridende wei drinke we in beker molke en geane sa oer Balk tusken de beamwâlen troch de Luts del. By 'De Wylde-merk' de earste geheime kontrôlepost. Der steane ús in pear gâzen ferbjustere nei te eagen. Dan oer de Galamadammen en de Morra nei Starum.



Dêr binne we om 12.45 oer. Hjir meitsje in protte riders in stop om wat te drinken en te iten; wy nimme it safolste mandaryntsje en geane fuortendaliks wer troch, mar no by de wyn op en dat docht wol bliken, want wy helje ferskate riders yn en sa passearje we om 13.33 oere Hylpen. Wy binne benijd nei it trajekt Warkum, want dat wie mei de Alvearretocht tige min en stikken, mar no is it sa sterk as in dyk!

Yn Warkum (14.07 oere) komme hoe langer hoe mear minsken op it iis en op'e Nijhuzumerbrêge steane de earste famyljeleden en by Jan de Jong, foar Parregea, moatte wy beslist oan't sop. Dêr hearre we dat ús Jan mei syn freon Herre in lyts kertier troch binne. Yn Parregea klúne en Jouke Hylkema junior docht ferslach fan de wedstriid. Dan nie it eigen doarp Tsjerkwert, wêr't ús bern en doarpsgenoaten ús opfange of hiene we de tocht al ferbrocht; wat rydt it dan licht nei sa'n opstekker. Op'e Iemswâldsterbrêge slane we wer





nije mandارينen yn en kinne we der wer tsjin.

Nei it noadige klúnjen yn Boalsert (15.16 oere) sjogge wy it noch wol sitten; wer flak foar de wyn en prachtich hurd iis nei Wytmarsum, wêr't it klúnjen folle langer en swierder wurdt. We beslúte yn Kimswert de redens ûnderwei te dwaan en no op sokken troch it doarp te rinnen; o, wat binne dy strjittestiennen hurd!

Ek yn Harns (16.49 oere) moatte de redens ûnderwei; dit hat al mei al gâns tiid koste. De wyn wer yn't gesicht nei Frentsjer ta (17.57 oere) by trochkomst kriget men dêr applaus, gejuich en gerop, dat men der kâld fan wurdt. Op de Bolwurkbrêgen en op it iis steane tûzenen minsken om ús foar de lêste 70 km oan te moedigjen. De sinne giet no mei in reade gloed ûnder en de wyn giet ek wat lizzen. It friest wer omraak en foar de geheime kontrôle-post by Beltsum krij ik lêst fan de eagen, mar ik slaan de E.H.B.O.-post oer, om sa gau mooglik fan it ljocht gebrûk meitsje te kinnen; ik lûk de mûtse dan oer it iene en dan oer it oare each hinne. It wurdt no hiel hurd tsjuster en it tempo sakket aardich. Hjir en dêr prebearje we in rider, dy't in bûslampe by him hat, by te bliuwen, mar reitsje ek by de earste falpartij belutsen.

It efterelkoar-oanriden dat we de hiele tiid dien ha, is no net mear mooglik; elts rydt no op syn eigen.

Op'e Blikfeart wurde we no noch foarsichtiger, want it midden is omheech ferzen. Der rint in grutte skuor yn it midden en oan'e kant leit hjir en dêr wetter; as men hjir falt is men der wis fan dat men mei 5 minuten sa stiif as in planke is.

Yn in flauwe bocht foar my rydt in rider rjochttroch en strompelt út'e ûnderwâl it iis wer op en seit: "Ik was geloof ik de weg effe kwijt."

Foar Bartlehiem steane hjir en dêr minsken yn it iepen fjild mei bûslampe en sa grutte gatten en skuorren by te ljochtsjen. In "Geweldig, dank je wel," is der by de measte riders net mear by! Falpartijen no oan ien tried wei. In rider mei bûslampe prebearret by syn fal op knibbels syn lampke wer te finen yn'e ûnderwâl. "Oark bist net wiis", tink ik by mysels.

It A.B.C. heart men no it meast. De minsken yn Bartlehiem skuorre en sjonge ús wer fierder. Dan troch Burdaard om

20.45 oere en de Dokkumer Ie op.

It iis is hjir alhiel stikken riden en Hiltse rekket hjir yn in skuor, draait in slach om'e wjuk en bliuwt efkes stil lizzen. Se seit: "Ik hoopje net dat myn foet stikken is!" It falt gelokkich wat ta, mar it riden is no wol út!

Hiltse trunet my noch oan om fierder te gean, mar ik siz: "Samen uit, samen thuis" en tegearre klauterje we de grutte rykswei op. Dêr giet krekt in ambulânse mei loeiende sirene foarby, dy't in slachtoffer nei Dokkum ta bringt. "Gelokkich", tinke we beide, "wy net". Mei in lift geane we regelrjocht nei Ljouwert en we wurde útsetten by de einstreek oan de Bonke. We hiene ús de oankomst wol efkes oars foarsteld. We geane mei in bus fol riders dy't de tocht wol ferbrocht ha nei de Fryslân-hal; wy bliuwe yn'e bus sitten nei it stasjon en stappe op'e trein.



As we thús binne kinne we de lêste tillefyzjeblyden noch efkes sjen.

Nico syn kommentaar by thúskomst: "Wêrom dy lêste pear kilometer no net?"

Jim ha de kâns miskien net wer en jim binne fuort sâ fier ek net wer!"

Folle tank oan alle minsken yn stêd, doarp en yn it iepen fjild, dy't mei fruit, drinken en muzyk dizze dei foar ús ûnferjitlik makke ha.

As wy ús te rêsten jaan wolle, skillet Jan dat hy om 11 oere de tocht folbrocht hat; dochs noch in sulveren krúske yn'e famylje. Tefreden jouwe wy ús del. De koarts is oer!

Ik set de wekker wer op 4 oere, want Jantsje 45 lûkt har neat oan fan al of net alvestêdetocht!

Okke P.
Iemswâlde.



WORDT VERVOLGD.....

Voor de aandachtige lezer van 't Skieppesturtsje, en wie is dat niet, is dit onderdeel van de dorpskrant niet nieuw. Het betekent weer een berichtje vanuit de boerderij op Kerkstraat 19.

Gedurende de wintermaanden, kwam regelmatig de vraag naar een vervolg cursus keramiek. Aanvankelijk lag het in de bedoeling dit in de eerste maanden van het jaar te organiseren, maar dat is dus mislukt. Voorlopig streven we nu naar het najaar van 1986.

Wat onderwijl wel doorging was de verbouwing, soms zelfs tot ergenis van omwonenden. We zijn nu zover dat eind mei er opnieuw een opening valt mee te maken, maar nu van een sterk uitgebreide ruimte.

Over het wat en hoe zullen wij u graag terzijner tijd berichten, voor nu melden we alleen de datum: 31 mei 1986.

Met vriendelijke groet: Koos en Ada Stel.



No't ik ferhúze bin nei Huyldenstein yn Boalsert,
wol ik alle freonen, buorlju en goekunde út
Tsjerkwert lâns dizze wei it alderbêste tawinskje en
tank sizze foar de freonskip en it meilibjen dat wy
hjr troch de jierren hinne ûnderfûn ha.

Wy ha hjir altyd mei nocht wenne.

Ik lit hjir hiel wat efter mar ik hoopje yn
Huyldenstein wer goede jierren te krijen.

Elts is wolkom op keamer nûmer 33.

Jantsje de Boer.

Myn nij adres is:
Huyldenstein K33
Eekwerderlaan 1
8701 LT Boalsert

Tillefoan: 05157 - 6492

BERICHT FAN DE ORANJE-FERIENING:



Dei, doarpsgenoaten,

Hjirby noegje wy jimme út om o.s. woansdei 30 april keninginne-dei te fieren.

De dei wurdt iepene om 9.00 oere troch ús muzykkorps 'Eensgezindheid'.

Wat der fierder bart, kinne jimme lêze yn it program, dat ien dizzer dagen troch de doar falt.

Wy soene sizze, kom allegearre en meitsje der meielkoar in moaie dei fan.

Oant dan,

it oranje-feriening bestjoer.

~~~~~

## GEMEENTERIEDSFERKIEZINGS 1986:

It wie drok yn'e dependance fan it Walthûs op 19 maart 1986.

Der kamen 316 minsken om te stimmen (yn 1982 : 352)

De score wie sa:

|      |     |            |
|------|-----|------------|
| CDA  | 174 | ( 55,4 % ) |
| PVDA | 58  | ( 18,5 % ) |
| VVD  | 37  | ( 11,8 % ) |
| FNP  | 38  | ( 12,1 % ) |
| D'66 | 7   | ( 2,2 % )  |

Yn fergeliking mei de riedsferkiezings 1982 ferlear it CDA 31 stimmen, de PVDA woun 9 stimmen, de VVD ferlear 16 stimmen, de FNP ferlear 6 stimmen en D'66 dy yn 1982 net mei.

As jo de 'politici' freegje, sille se alle fiif wol wûn ha, mar oan polityk docht ús krante net en dus allinne wat keale sifers.

## BILJERTFERIENING H.T.S.:

Der is fan't winter wer hiel wat ôfsjitten op it griene lekken. De prestaasje fan H.T.S. (Harmen-Tsjamme-Sint) wiene wer fan fermaat.

Yn'e kompetysje mei Exmorra, Gaast, Parregea en Ferwâlde wie de einstân:

|                          |         |
|--------------------------|---------|
| 1. Tsjerkwert (kampioen) | 11 pnt. |
| 2. Exmorra               | 10 pnt. |
| 3. Gaast                 | 9 pnt.  |
| 4. Parregea              | 6 pnt.  |
| 5. Ferwâlde              | 6 pnt.  |

De ynterne kompetysje wie dit jier ek wer tige spannend. Tw dielden it earste plak en der kamen ek twa op it tredde plak. De nûmers 1 en 2 hawwe in beslissingswedstriid spile.

Einstân: 1. en kampioen Germ Rippma 28 pnt.  
2. Albert Feenstra 28 pnt.  
3. Germ Dijkstra 26 pnt en  
Jan Dijkstra 26 pnt




Inkelde leden diene mei oan'e kampioenskippen fan Wûnseradiel. Jan Dijkstra waard kampioen fan Wûnseradiel yn'e 4<sup>e</sup> klasse.

Utslach lêste wedstriid fan'e doarpskompetysje:

Tsjerkwert - Ferwâlde

G. Rypma 15 - P. Bootsma 15 2 - 0  
Sj. Poelstra 27 - W. v.d. Weise 26 2 - 0  
S. Hiemstra 20 - J. de Jong 20 2 - 0  
G. Hofstra 25 - O. v. Kalsbeek 38 2 - 0  
Sj. Gaastra 15 - H. de Jong 30 0 - 2  
J. Dijkstra 41 - E. Hooghiemstra 70 2 - 0  
H. Schakel 35 - B. Brouwer 45 2 - 0  
Sj. Breeuwsma 15 - F. de Groot 18 2 - 0

=====  
14 - 2



## MESYKFERIENING 'EENSGEZINDHEID':

De jierlikse útfiering fan ús korps wie op 1 maart. Der kaam in moai seal fol folk op 8f en 'Eensgezindheid' G.l.f. dirigent Bosma prestearde op nivo. De nûmers waarden mei faasje nei foaren brocht, wylst foarsitter Jelte Speerstra sa no en dan as man-speaker de saken fan al-den-dei oan ús trochdie. Yn it skoft spilen de learlingen en dat wie fansels wer sukses. It ferneamde 'Roodborstje tikt aan het raam' waard fakkundich nei foaren brocht. As 'ekstra' stiene fiif learlingen fan'e M.P.A. op it programma. De hearen behearsken de ynstruminten tige, mar rûnen no net daliks oer fan aktiviteit. Nei't skoft mei ferlotting wie 'Eensgezindheid' wer oan bar en liet de minsken wer genietsje fan Beatles, Jamaica en Olympica. Okke S. Postma útere noch wat losse flodders oer in reuny. In skoander plan, mar.....wa soarget foar de realisasasje?

It lêste part fan'e jûn wie yn hannen fan de band Trend '84. 'Us' Tsjamme Wiersma is ien fan'e bandleiden en hy slagge der mei syn kollega's yn om gâns decibels te produsearjen. Foar de jongerein in bêst beslút fan in bêste jûn.

It korps lit fierder witte dat der op 27 april in kofje konsert is yn't Honk yn Eksmoarre, yn gearwurking mei 'Concordia' fan Eksmoarre - oanfang 10.30 oere.

Snein 8 juny - om 9.00 oere sil 'Eensgezindheid' in tsjerketsjinst begeliede yn Makkum op it rekreaasje-terrein de Sânkop.


*Flak  
&  
Sjoch*

## IN DEI OP REDENS:

Nei in moaie rite fan fraast, koe ek fan it jier wer de alvestêdetocht op redens organisearre wurde. Sjoen de ûnderfiningen fan ferline jier, koe in oantal saken no hurder ôfhannele wurde, lykas b.g. it krijen fan in startbewiis.

Ferline jier moast ik hast seis oeren yn de rij stean foar sa'n bewiis, no lei it dêr op my te wachtsjen. As men moarns betiid, de measten fersliepe harren net, nei Ljouwert rydt, is it al knap drok, foaral yn'e omkriten fan Ljouwert.

om't nochal wat minsken de riders mei de auto folgje. Yn'e Fryslânhal in gesellige drokte fan riders, dy't troch taskôgers noch oanmoedige wurde.



Der is in frij strenge kontrôle by de starttunnels, ek foar ien dy te kennen jout, dat hy de hiele dei wol nedich hat en om dy reden earder starte wol.

Ek de omropper hat wol wurk mei it trochjaan fan ynformaasje lykas b.g. in weibrocht startbewiis, of immen dy't op syn muoike wachtet om't hy syn redens fergetten hat. It starten fan de keppels riders ferrint flot, hja rinne yn op it skema.

Dan begjinne jo healwei achten oan de 200 km lange tocht.

It liket geunstich moai winterwaar, wol fris, mar dêr kin men jin tsjin klaaie.

Men is fit, de wyn yn'e rêch en dat soe in reden wêze kinne om fuort de sokken deryn te setten.

Mar dêr is wol tsjin warskôge, dan kin jinsels letter op'e dei wol werris tsjin komme.

Grutte petearen hearst net, elts is mei syn eigen tocht dwaande.

Dochs fyn ik, no't it foar myn twadde kear is, dat men mear each hat foar it hiele barren rûnom de alvestêdetocht, en de omkriten dêr't men op it stuit is. Fansels makket men dan in fergeliking mei ferline jier, lykas b.g. it tal klúnplakken.

Dit jier wienen wy better ôf.

Sa healwei de rit komt men dan op bekend terrein jin treffe alris goekunde.

Nei in hap en in snap wer fierder, want hâldst de tiid yn'e gaten, foaral ek om safolle mooglik by deiljocht te riden.

Wat my opfallen is, dat yn de 'Súd Westhoeke' folle mear oan de sfear rûnom it barren dien is as ferline jier.

Mar neigeraden de tocht foardert nimt de belangstelling en it entûsjasme ta en de bolwurken fan geselligens binne wol bekend.

Ek op dit diel wurdt men ryklik fersjoen fan iten en drinken.

It tal geheime kontrôles is mei twa útwreide ta trije, kenlik ha ûnderfiningen fan ferline jier oanlieding jûn ta dy maatregel.

It riden op himsels is neat oars as b.g. 'In slach om it Waltahûs' of in alvemarretocht, allinne wat langer, mar it publyk ( mei muzyk, spandoeken ensfh ) de sfear en de publikaasje meitsje fan sa'n tocht wat bysûnders. Ik ha bewûndering foar al dy minsken dy't sa'n dei it paad steane foar-al de moarns en jûns mei dy kjeld, alhoewol't guon dêr foar, al wat 'antyfriesguod' ynnommen hiene.




Nei Dokkum moat men noch sa'n 24 km, jo komme op de Dokkumer Ie ferskate minsken tsjin dy't noch mear kilometers foar de boech ha as men sels. It krusen fan de banen yn de omkriten fan Burdaard jowt noch alris oanlieding ta misbegryp, mei botsingen as gefolch.

As't dan sân oere de Bonke oprydt, kin men wol sizze dat de frije dei, it wurk waard thús troch oaren dien, goed bestege is.



Ik kin my lykwols foarstelle dat immen dy't net safolle oan dizze sport docht en ien kear hinne en wer Warkum riden is, mei itselde gefoel fan i iis stapt as mannich alvestêderider.

Jan Galama.



## BOARGERLIKE STAN

Yn Dedzjum waar in jonkje berne by Lenie en Willem Haytema-Reidsma op 12 maart.  
Hy krige de namme Klaas.




BYDRAGEN BINNE KOMMEN FAN:



T. Gaastra, Boalsert  
J. Bakker, Lelystêd  
J. Melchers, St. Nyk  
J. Witteveen, Waltawei - O. Postma, Iemswâlde  
B. Burghgraef, Boalsert - A. Deelstra-Reidsma, Seisbierrum  
S. Buwalda, Snits - F. Reidsma, Ljouwert  
J. Dykstra, Sondel - frou J. de Boer, Huylickenstein  
W. Koopmans, Waltawei.

Tige tank!



OFSKIE

Neidat ik twa jier by frou  
Gietema yn'e húshâlding meidraaid ha,  
siz ik Tsjerkwert no farwol.

It hat my hjir tige goed  
foldien, de klaverjasklub  
wie gesellich,  
mar oan alles komt in ein.

As takomm' jier de  
alvestêdetocht wer komt,  
sil ik wol wer  
efkes sjen hoe aardich as it  
hjir is.

Foar no wol ik allinnich noch sizze:  
oant sjen.

Magdalena Kornelis.



## BERICHTEN VAN DE KAARTTAFEL:

Na acht en twintig dinsdagavonden gespeeld te hebben is er een eind gekomen aan de gezellige avonden kaartspel.

21 Leden zijn trouw opgekomen, waarvan 2 leden met name Ieke v.d. Wal en Meinze Bakker, die geen avond hebben gemist, waarvoor hulde.


Na een spannende competitie is de uitslag als volgt:

- |                     |                        |
|---------------------|------------------------|
| 1. Tietie Kikstra   | 9. Ria Rudolphy        |
| 2. Eduard Witteveen | 10. Wiebren Poelstra   |
| 3. Maurits Ydema    | 11. Magdalena Kornelis |
| 4. Peter Hendriks   | 12. Maaïke Brandsma    |
| 5. Droer Dijkstra   | 13. Klaas Galema       |
| 6. Bertus Walsma    | 14. Willem Havtema     |
| 7. Yeb Witteveen    | 15. Dirk Walsma        |
| 8. Pieter Poelstra  | 16. Meinze Bakker      |
|                     | 17. Ieke v.d. Wal      |
|                     | 18. Joke Witteveen     |
|                     | 19. Riet Bruinsma      |

Twee leden Lenie Haytema en Dieuwke Zijlstra hebben een halve competitie meegedraaid.

Van de wintersport gaan we nu weer over na de zomer sporten, lekker fietsen, kaatsen enz.

Een heel prettige zomer toegewenst en u hoort van ons.



Tietie Kikstra.

## NIEUWS VAN DE SPORTVERENIGING:

sport

Op woensdagavond 26 maart was er een sportjaarvergadering in het Waltahûs.

Er waren buiten het bestuur ongeveer 16 mensen aanwezig. Bertus Walsma en Jos Falkena namen afscheid van het bestuur.

Ids Schukken kwam in het bestuur.

Het bestuur bestaat nu uit de volgende 3 bestuursleden:

voorz. Ids Schukken

secr. Trudy Witteveen

penn. Elly de Groot

Naast het bestuur bestaan er nog 3 commissies nl. voor

### Kaatsen

Marten Kikstra

Hein Gietema

Jan Dijkstra

### Voetbal

Jaap v.d. Wal

Broer Feenstra

### Gymnastiek

Ieke v.d. Wal

De gymnastiek is weer bijna afgelopen voor dit seizoen.

We gaan de maand april nog door per 1 mei zetten we er een punt achter.

In september starten we weer (bij genoeg deelname).

Voor voetbal zij de data nog niet bekend wel de contributie. Deze is f 2,50 per wedstrijd.



Groeten Trudy Witteveen.

KAATSEN:

We hopen dit jaar weer veel deelnemers te begroeten en dat we sportieve en spannende partijen te gemoet mogen zien.

Tot ziens op 6 mei 7.00 uur

De commissie.

# SNYPSNAREN

Yn 'e wike fan 5 oan't 9 maaie wurdt der gjin hûssmoargens ophelle.

Hein Gietema soe yn it kader fan it hûs-himmeljen in solder sauzje. Akke moast efkes fuort en mánlju..... Afijn, Hein sette mei moed útein, mar it slagge min, de 'ferve' woe net dekke. Op it lêst Akker der mei oer gear en wat blykte..... Hein wie mei behang-stisel oan't sauzjen.

In oare doe-het-zelver wie Jehannes Dijkstra Hy tocht, Sytske en hy moasten in nij bêd ha. Sa sein sa dien. Mar.....yn'e earste nacht d..... se der al trochhinne.



Iepen biljert-kampioenskippen op 22 en 25 april yn it Waltahûs - 19.30 oere.

Troch in breuk yn'e wetterlieding sieten wy sûnder wetter.

Grytsje Steur hie dê oplössing: Fan it wetter út de stoartbak fan'e W.C. sette je in lekker bakje tee.

Wieger Bakker, betúft aaisiker, socht by Arkum. It slagge net alhiel en Wieger postearde him efter in hikke. Nei sa'n foech 3 kertier wist er wer't it aai lizze moast.

Wieger der hinne, mar Sjoerd en Wybren Poelstra hiene deselde gedachten en wiene krekt earst.

In twake foar Wieger: Geduld is ene schone zaak, maar schenkt het mensdom geen vermaak.

Durk v.d. V. traint no ek oerdei.

Hessel en Elly binne fan'e Mini yn'e Kever bedarre.

Hille Schakel hat it A-diploma op'e Bariton helle!  
Proficiat!

Fitnis is in! Gâns froulju út ús doarp dogge oan  
krachtsport. Wa wurdt de sterkste frou fan Tsjerkwert?  
(idee foar de Or. Fer.).


It keatsen begjint op 6 maaie, 19.00 oere.

Under it Hillich Nachtmiel yn'e grutte tsjerke  
spile ús oargelist Frans v.d. Hauw 'Hup Holland hup'  
dat it daverre. Frans is faaks lilke, dat Nederlân net  
nei Mexico mei en reagearre him sa ôf.  
Oft dit de bedoeling fan'e tsjerkerie wie, is net bekend.



Douwe v.d. Werf hat syn  
hûs ferkocht.  
Syn earste reaksje: 'Wer  
moat myn spul út 't hok  
no hinne?

Kopy ynleverje foar 15 juny.



3



3